

MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE op grûn fan kêst 38 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS/ Deputearre	<p>Schrier</p> <p>Ûnderwerp:</p> <p>De ynset fan de Provinsje Fryslân foar de omkearde bewiislêst by mynbouskea yn de wizige Mynbouwet, nei oanlieding fan it brief fan minister Kamp oan de Earste en Twadde Keamer d.d. 16 /17 novimber 2015, keamerstik 34 041 C (advys fan de Raad van State op amendemint Vos/Ouwehand 34 041, nr. 12).</p>
Fraach / fragen	<p>1. De Raad van State is fan betinken dat it oannommen amendemint foar de omkearde bewiislêst yn de mynbouwet wol hiel breed formulearre is. De keamerleden dy't it amendemint yntsjinne hawwe jouwe yn harren taljochting oan dat dit krekt de bedoeling is. Se neame dêrby eksplisyt ek de sâltwinning. Wat is jo fyzje dêrop út provinsjaal perspektyf wei? Moat de omkearde bewiislêst net jilde foar hiel Nederlân en foar alle soarten fan skea troch mynbou, en dus ek foar de boarger mei skea fan gas- en sâltwinning yn Fryslân?</p>
	<p>2. Minister Kamp wol de omkearde bewiislêst beheine ta fysike skea oan wenningen troch ierdbevings yn Grinslân. Binne jo mei de FNP fan betinken dat ek oare skea yn oanmerking komme moat ?</p> <p>Lykas de skea troch fersakking fan de boaiem, de ekonomyske skea troch weardefermindering fan it ûnreplik guod, de ferfolchskea fan minder ynkomsten fan de grûn, juridyske- en advyskosten foar ûndersyk, nulmjittings en monitoaring, derving fan wengenot, fysike sûnensskea, psychyske skea, ferlies fan wurk en ynkomsten en oare skea foar safier hjir noch net neamd?</p> <p>Graach jo argumintaasje en oerwagings.</p>
	<p>3. Yn de oanpaste mynbouwet komt nei alle gedachten ek in grutter plak foar it boargerperspektyf en in gruttere advysrol foar de legere oerheden by fergunningoanfragen foar mynbousaken. Hoe sjogge jo dit yn relaasje ta it juridyske spoar fan de omkearde bewiislêst?</p>
	<p>4. Hokker konkrete aksjes hawwe jo ûndernommen rjochting regear en parlemint om it pleit foar de omkearde bewiislêst te stypjen? Wurkje jo dêryn gear mei de Fryske gemeenten, it Wetterskip en it IPO?</p>

	5. Hokker konkrete aksjes hawwe jo noch op priemmen ditoangeande?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Wopke Veenstra
---------------	--

Datum	25 novimber 2015
-------	------------------